



> Retroeadres Postbus 20011 2500 EA De Haach

Twadde Kamer fan 'e Steaten-Generaal
Postbus 20018
2500 EA De Haach

Datum 06 januari 2025
Giet oer Advies DINGtiid Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer
2024-2028 en Advys DINGtiid Frysktalige sjoernalistyk

**DG Iepenbier Bestjoer &
Demokratyske Rjochtsteat**
Direksje Demokrasy &
Bestjoer
Ofdieling Demokrasy

Ministearje fan Ynlânske
Saken en Keninkryksrelaasjes
Turfmarkt 147
2511 DP De Haach
Postbus 20011
2500 EA De Haach

Us referinsje
2024-0000972705

Jo referinsje

Taheakke(n)
6

Mei dit brief bied ik jo de reaksje oan op it advys fan DINGtiid nei oanlieding fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer 2024-2028 en it advys oer Frysktalige sjoernalistyk. De advizen fan DINGtiid binne taheakke. Dat doch ik mei út namme fan de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, de steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, de steatssekretaris Rjochtsbeskerming en de steatssekretaris Partisipaasje en Yntegraasje.

Ek stjoer ik jo as ynformaasje as taheakke de update fan it wurkprogramma fan DINGtiid¹, de begrutting foar 2025 en it jierferslach foar 2023 fan DINGtiid.

Reaksje op it advys fan DINGtiid oer de BFTK 2024-2028

Earder dit jier ûntfong ik fan DINGtiid, it advysorgaan foar de Fryske taal en kultuer, it advys nei oanlieding fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer (BFTK) 2020-2028. Alderearst wol ik DINGtiid betankje foar dizze yngeande analyze en de konstruktive gearwurking yn de oanrin nei de ûndertekening fan de BFTK 2024-2028 yn april dit jier.

Mei de ûndertekening fan de BFTK 2024-2028 is de ynset foar it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer yn de provinsje Fryslân flink fuortsterke. Yn de BFTK-perioade wurdt troch it Ryk 18 miljoen euro frijmakke foar de beskerming en befoardering fan it Frysk.

Streamlynjen fan it BFTK-proses

DINGtiid advisearret it BFTK-proses opnij te strukturearjen út it perspektyf fan de soarchplicht foar it Frysk as in trochgeande, mienskiplike opdracht wei. Om foar te kommen dat de druk heech oprint yn it lêste jier foar de nije BFTK, advisearret DINGtiid om genôch strukturele personiele ynset en kontinuïteit fan kennis te garandearjen. Ek freget DINGtiid omtinken foar it garandearjen fan de wetlike advisearjende rol fan it advysorgaan en advisearret it advysorgaan spesifyk yn te gean op haadstik 4 fan de Wet Gebrûk Fryske taal en it foarôf meitsjen fan heldere ôfspraken oer de advysmominten yn de oanrin nei nije beslútfoarming.

¹ In eardere ferzje fan dit wurkprogramma hawwe jo by brief ûntfongen op 27 desimber 2023. Keamerstik 33335 nr. 20.

Dit kabinet kin him goed fine yn dizze evaluaasje en de advyspunten fan DINGtiid. Mei de ferhege ambysje yn de BFTK 2024-2028 as nije standert steane Ryk en Provinsje no foar de mienskiplike opdracht om ûnderlinge wurkôfspraken te meitsjen oer de útfiering en evaluaasje fan de BFTK. Hjirby hat yn july 2024 oerlis west mei de belutsen departeminten, de Provinsje Fryslân en DINGtiid. De earste wichtige mylpeal hjirby is de tuskentiidske evaluaasje yn 2026. It wurkprogramma wurdt as basis brûkt foar it fjouwerjierliks weromkommend ynterdepartemintaal oerlis ûnder lieding fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes. Elke twa jier sil ek de Provinsje hjirby oanslute.

De rol fan DINGtiid garandearje

DINGtiid freget omtinken foar it garandearjen fan de wetlike advisearjende rol fan it advysorgaan. It kabinet hechtet in soad wearde oan de ûnôfhinklike advizen fan it advysorgaan. DINGtiid hat dan ek nau belutsen west by it ta stân kommen fan de ôfspraken út de BFTK.

Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, de Provinsje en DINGtiid binne yn reaksje dêrop oerienkommen dat DINGtiid by it ta stân kommen fan in folgjende bestjoersakkoart in formeel advys útbringe sil, oer it belied op haadlinen oan it begjin, en net by it definitive konsept fan de BFTK. By it ta stân kommen fan dizze BFTK hat bliken dien dat it advys te mânsk wie om foar de ûndertekening fan de BFTK in reaksje te jaan. Wol is yn dizze BFTK ûnder kêst 5 yn de slotbepalings de wetlike rol fan DINGtiid taljochte.

Langetermyndoelen

DINGtiid jout mei klam oan dat heldere langetermyndoelen deroan bydrage dat de realisearring fan de ambysjes ienfâldiger wurdt en dat monitoaring in oare, djippere lading krijt. It advysorgaan advisearret dêrom om as BFTK-partners it ferlet fan langetermyndoelen foar it Frysk breed kenber te meitsjen.

Ryk en Provinsje ûnderskriuwe it belang fan langetermyndoelen foar it Frysk. By it fêststellen fan de langetermyndoelen is it ek wichtich om ek yn Fryslân in dialoach mei de mienskip op gong te bringen oer dizze doelen. De Provinsje hat oanjûn hjirfoar ek it partisipaasjeplatform Stim fan Fryslân ynsette te wollen. Ferfolchpetearen tusken Provinsje, Ryk en DINGtiid fine plak yn it earste fearnsjier fan 2025. De earste resultaten fan de ûndersiken nei de langetermyndoelen sille opnommen wurde yn de tuskenevaluaasje fan de BFTK yn 2026.

Belang fan boargerpartisipaasje

Op ferskate punten yn it advys leit DINGtiid klam op it belang fan boargerpartisipaasje foar it meitsjen fan suksesfol taalbelied. DINGtiid advisearret de needsaak fan boargerpartisipaasje by taalbelied ûnderdiel te meitsjen fan de algemiene útgongspunten yn haadstik 1 fan de BFTK.

Ryk en Provinsje ûnderskriuwe de needsaak om de Fryske mienskip te belûken by de ûntwikkeling fan belied rjochte op it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer. Yn de oanrin nei de tuskentiidske rapportaazje fan de BFTK ferkenne Ryk en Provinsje dêrom mei-inoar hokker mooglikheden der binne foar it

goed belûken fan de ynwenners fan Fryslân by de útfiering en evaluaasje fan de BFTK 2024-2028.

Ek advisearret DINGtiid yn it ramt fan de monitoaring om periodike "domeingearkomsten" te organisearjen, om de fuortgong en ûntwikkelings binnen in BFTK-domein te bepraten. Om in goed byld te krijen fan it effekt fan de ôfspraken yn de BFTK op de ferskate domeinen yn de mienskip, organisearret de Provinsje geregeld petearen binnen spesifike domeinen. De ynput út dizze petearen nimt de Provinsje mei yn de ynterdepartemintale oerlizzen oer de fuortgong fan de BFTK. Alle belutsen departeminten binnen it Ryk binne lid fan dit oerlis.

Us referinsje
2024-0000972705

Monitoaring

DINGtiid advisearret in monitoaringsproses foarm te jaan, en dizze monitoaring ekstern útfiere te litten. Dêrby leit it advysorgaan klam op it belang fan in goede yndikatoren.

Dit kabinet slút him oan by it belang fan in goed monitoaringsproses om de fuortgong en effekten fan de BFTK helder yn kaart te bringen. Om dy reden is der yn de BFTK in alinea taheakke oan de slotbepalings, dêr't yn opnommen is dat monitoaring fan de bestjoersôfspraak plakfine sil oan de hân fan in twajierliks oerlis tusken Ryk en Provinsje. Ek DINGtiid sil hjirby rieplachte wurde. Dêrby wurdt sjoen nei de njoggen pylders fan it taalfitaliteitsmodel fan UNESCO, lykas omskreaun yn haadstik 1 fan de BFTK 2024-2028. Foar sifers sil sjoen wurde nei de Fryske Taalatlas. Dizze Taalatlas wurdt elke fjouwer jier útbrocht. Foar de nije publikaasje fan de Taalatlas ein dit jier ferkent de Provinsje de mooglikheden fan it taheakjen fan in oplizzer dêr't in spesifike link yn lein wurdt tusken de data fan de Taalatlas en de ferskate haadstikken yn de BFTK. Ryk en Provinsje binne harren derfan bewust dat op lange termyn inkeld de sifers út de Taalatlas net genôch binne foar in folweardige evaluaasje fan de ympakt fan de beliedsynset op it Frysk. De fraach hoe't dizze monitoaring fierder ûntwikkele wurde kin, is ûnderdiel fan de tuskentiidske evaluaasje yn 2026.

Underwiis

DINGtiid advisearret om de ûnderwiisambysjes foar it Frysk op alle nivo's yn gearhing mei-inoar te besjen. Dit moat barre út it perspektyf wei fan de trochgeande learline en de dielde ferantwurdlikens fan it Ryk en Provinsje op dit mêd. Om hjir foarm oan te jaan advisearret DINGtiid om dizze fyzje út te wurkjen yn in aparte ûnderwiisnotysje Frysk.

It kabinet ûnderskriuwt it belang fan in yntegrale fyzje op it ûnderwiis as trochgeande learline. Mei it oerdragen fan de foegen foar de Fryske kearndoelen troch it Ryk oan de Provinsje Fryslân yn 2014 is it oan de Provinsje om ynfolling te jaan oan dizze trochgeande learline. De Provinsje hat mei it Taalplan Frysk 2030 in yngreven projekt delsetten. De ynset op it fak Frysk op skoallen yn it basisûnderwiis hat dêrneist resultearre yn ekstra ynset op mbû-, hbû- en wû-ynstellingen. Dêrmei is de ynfrastuktuer fan de hiele ûnderwiisketting ferstevige en wurdt in trochgeande learline fierder fasilitearre. Om dat te stypjen hat it Ryk foar ûnderskate lagen yn it ûnderwiis strukturele en ynsidintele middels takend.

Foarskoalske opfang

DINGtiid beklammet dat men derfoar oppasse moat dat by bepalings oangeande foarskoalske edukaasje gjin ûnwissens ûntstiet oangeande de misfetting dat meartalich ûnderwiis min wêze soe foar de Nederlânske taalûntwikkeling.

Us referinsje
2024-0000972705

It kabinet slút him der by oan dat dit ferkearde byld bestriden wurde moat. De útkomsten fan it eksperimint Twatalige dei-opfang (2022)² en de pilot Twatalich basisûnderwiis (2023)³ binne hjir mei it bewiis fan. Feit bliuwt lykwols dat it doel fan foarskoalske edukaasje is om bern mei in risiko op in efterstân yn de ûntwikkeling fan it Nederlânsk te helpen oan in goede basis yn de Nederlânske taal. Sjoen de bysûndere posysje fan it Frysk kin yn de provinsje Fryslân yn de foarskoalske opfang en yn de foarskoalske edukaasje it Frysk ek praat en oanbean wurde. Beropskrêften yn de reguliere berneopfang dy't allinne Frysk prate mei de bern kinne kieze oft sy harren taalfeardigens yn de Nederlânske of yn de Fryske taal oantoane wolle. Beropskrêften yn de foarskoalske edukaasje moatte altyd harren Nederlânske taalfeardigens oantoane. De BFTK hat der al oan bydroegen dat der mear omtinken kommen is foar it Frysk by beliedsfoarnimmens oer de foarskoalske faze. It Ryk wol dy oandacht de kommende jierren fêsthâlde.

Ek advisearret DINGtiid om by takomstige wetjouwing oangeande de foarskoalske faze it Frysk te beneamen op in wize dy't rjocht docht oan de lykweardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân. Om dat te garandearjen achtet it advysorgaan it fan belang om by foarnimmens ta wetlike feroarings dy't effekt hawwe op de praktyk fan de twatalige opfang de Provinsje aktyf te konsultearjen.

It kabinet ûnderskriuwt de lykweardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk yn Fryslân. Foarnimmens ta wetlike feroarings dy't effekt hawwe op de praktyk fan de twatalige opfang yn Fryslân sille foar konsultaasje foarlein wurde oan de Provinsje.

Basis- en fuortset ûnderwiis

DINGtiid advisearret om derfoar te soargjen dat op elke skoalle yn it fuortset ûnderwiis it Frysk as kar-eksamenfak yn de boppebou oanbean wurdt. De Provinsje is hjirfoar yn petear mei skoalbestjoeren om it oanbod yn sawol de ûnder- as boppebou te fuortsterkjen. Mei de nije BFTK binne der troch it Ryk middels beskikber steld om mear leararen mei in foech oan te stellen. Dêrmei hoopje Ryk en Provinsje de drompel foar it oanbieden fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis te ferleegjen. Ek fuortsterking fan de ynfastruktuer om it fak Frysk hinne lykas fêstlein yn de BFTK is bedoeld om hjirby te helpen.

² Keamerstik II, 2021/22, 31322, nr. 439 (taheakke <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/blg-1013740.pdf>)

³ Keamerstik II, 2023/24, 34031 nr O (taheakke <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/blg-1120859.pdf>)

Middelber beropsûnderwiis

DINGtiid is wiis mei de oankundiging dat der in praktoraat ynsteld wurdt; dêrmei wurdt de oanbefelling út de advysbrief fan novimber 2023 útfierd⁴. DINGtiid merkt op dat op mear as ien plak yn de BFTK oan dit noch net besteande praktoraat al taken, ferantwurdlikheden en ûndersyksopdrachten takend wurde. DINGtiid beklammet dat it praktoraat noch definityf ynsteld wurde moat en dat op grûn fan de frijheid fan ûnderwiis it praktoraat de eigen ûndersyksagenda ynrjochtsje kinne moat.

It kabinet erkent it belang dat it praktoraat, wat in ekspertizeplatfoarm is binnen in mbû-ynstelling, yn gearspraak mei alle belutsen partijen, net inkeld Ryk en Provinsje, foarm krije moat. Yn it gefal fan dit praktoraat, nimt mbû-ynstelling Firda de lieding wat it opsetten en útfieren fan it praktoraat tusken 2024 en 2028 oanbelanget. Firda krijt dêrby alle romte om in eigen ûndersyksagenda yn te rjochtsjen, binnen de berik fan it amendemint fan Keamerlid Soepboer⁵ dat te'n grûnslach leit oan de winsk om in praktoraat Frysk yn te stellen en oan de ôfspraken dy't dêroer makke binne yn de BFTK. Foar it útfieren fan it praktoraat wurdt in subsydzje jûn troch it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip. Oer de ynfolling fan de subsydzje binne Ryk en Provinsje yn goed oerlis mei belutsen partijen, wêrûnder ek it ROC en de Afûk.

Heger ûnderwiis

It kabinet is bliid om te fernimmen dat DINGtiid posityf wie oer de tekst yn de BFTK oer it hbû en wû. Om't op it stuit fan it skriuwen fan harren advys de eksakte ôfspraken yn de BFTK oer it universitêr ûnderwiis noch net definityf wienen, lei DINGtiid benammen klam op it goed ôfwagen fan de advizen dy't folgje út it KNAW-rapport oer de takomst fan de frisistyk dat ein desimber 2023 publisearre is.

It kabinet ûnderstrekent it belang fan dit rapport en hat de advizen dy't hjirút folgje swier meiwoegen yn de úteinlike ôfspraken lykas formulearre yn de BFTK 2024-2028. Sa wurde der út it Ryk en de Provinsje wei middels beskikber steld foar in folweardige, duorsume en tagonklike bacheloroplieding. It strjeben is dat de ôfspraken hjirûnder, sa't de KNAW advisearre, fêstlein wurde yn in konvenant. Dêrby is it fan belang om te ûnderstreekjen dat de Ryksuniversiteit Grins it ûnderwiis en ûndersyksprogramma fêststelt.

Rjochtspraak

DINGtiid advisearre it Ryk en de Provinsje it Frysk te brûken dêr't dat kin, om dêrmei as oerheid sels it goede foarbyld te jaan. Bygelyks as sy partij binne yn in juridyske proseduer by de Rjochtbank Noard-Nederlân of it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en as in proseduer plakfynt op de lokaasje Ljouwert. Ek op in oare wize sjocht DINGtiid in rol weilein foar oerheidspartijen by bestjoersrjochtlike prosedueres. Ut boargerfreonlikens wei kin de oerheidspartij foarôf (de wetlike noarm is minimaal 7 dagen) trochjaan dat de kâns oanmerklik is dat in belutsen boarger Frysk prate wol, sadat de rjochtbank of it gerjochtshôf dat fasilitearje kin.

⁴ Keamerstik 33335 nr. 21.

⁵ Keamerstik 36410-VIII nr. 52.

It kabinet en de Provinsje ûnderskriuwe it belang dat prosesdielnimmers dy't dat wolly by de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert gebrûk meitsje kinne fan it Frysk en sille mei it each dêrop it advys fan DINGtiid by oerheidsorganisaasjes ûnder de oandacht bringe. It kabinet en de Provinsje merke op dat it foar oerheidsorganisaasjes net altyd dúdlik is oft de tsjinpartij it Frysk brûke wol. Mooglik kinne dizze oerheidsorganisaasjes yn de beswierfaze en/of yn de oanrin nei in berop by de rjochtbank, de rjochtsykjenden ynformearje oer harren rjocht om it Frysk te brûken yn in proseduere by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert. Dat kin in bydrage leverje oan de bewustwurding fan rjochtsykjenden. It kabinet en de Provinsje sille dit punt by belutsen oerheidsorganisaasjes ûnder de oandacht bringe.

Tolkynset Iepenbier Ministearje

DINGtiid jout oan dat der al in skoft problemen binne mei de ynset fan beëdige gerjochtstolken. De tolkeburo's hiere de beëdige gerjochtstolken yn en sprekke in fergoeding mei harren ôf dêr't se harren wurk foar dogge. DINGtiid hat sinjalen krigen fan beëdige gerjochtstolken dat it ferskil tusken it frege taryf en wat it tolkeburo ree is te beteljen, te grut is. DINGtiid advisearret om oanfoljende ôfspraken te meitsjen om saaklike skelen tusken it Ryk/Iepenbier Ministearje en de Fryske tolken sa gau mooglik struktureel op te lossen.

It kabinet beklammet it belang fan tolken binnen it rjochtssysteem en nimt de sinjalen dêr't DINGtiid op wiist, serieus. Ek de ynset fan tolken by it Iepenbier Ministearje en de Rjochtspraak makket diel út fan it stelsel foar de tolk- en oersettsjinstferliening foar oerheidsopdrachten. By it feroarjen fan it stelsel foar de tolk- en oersettsjinstferliening foar oerheidsopdrachten is der ynset op in stelsel mei kontraktearre tolkeburo's, wêrby't selsstannich ûndernimmende tolken ôfspraken meitsje kinne oer de betingsten, wêrûnder it taryf. Dêr wêr't eartiids it Iepenbier Ministearje oan tolken in fêst, net ûnderhannelber taryf betelle, moatte tolkeburo's no, konfoarm it stelsel, oan in selsstannich ûndernimmende tolk op syn minst it minimum-oeretaryf betelje.

De oanbesteging foar de tolktsjinstferliening foar it Iepenbier Ministearje en de Rjochtspraak is ferline jier suksesfol ôfrûne, en mei yngong fan febrewaris 2024 binne beide kontrakten folslein ymplementearre. Dat giet om alle tolken, wêrûnder ek de ynset fan Fryske tolken. Alle jierren wurdt de Keamer mei in brief ynformearre op grûn fan de sifers dy't de tolkeburo's diele moatte. De Keamerbrief jout ynsjoch yn de prestaasjes op alle tolkkontrakten dy't nei de stelselhersjenning úteinset binne. Hjiryn wurdt ûnder mear ynformaasje opnommen oer de leveringssekerheid en de leveringskrektens fan de tolktsjinstferliening, respektifyk giet soks oer foar hokker part tolkopdrachten werklik levere binne en foar hokker part it frege taalnivo levere is. Begjin takom jier sil in brief oer de tolktsjinstferliening nei de Keamer stjoerd wurde mei de resultaten fan ferline jier.

Asega's

DINGtiid hat yn maaie 2023 in jongereinpanel fan tolve 'Asega's' beneamd, jonge Friezen dy't ynput jouwe foar it advyswurk fan DINGtiid. Yn it ramt fan de advisearring oer de BFTK stelde DINGtiid harren de fraach: Hoe kinne de ambysjes en kânsen fan de BFTK ûnder it jongere part fan de Fryske mienskip bekend makke wurde? Doe folgen fjouwer advizen: (1) Ferspried in ultrakoarte en leechdrompelige gearfetting fan de BFTK en in hantlieding; (2) Striel it sukses fan de Fryske taal út en beklamje dat Friezen diel fan dat sukses wêze kinne; (3) Meitsje gebrûk fan in profesjoneel marketingburo foar in kampanje oer it Frysk; en (4) Daach Friese jongerein út om sels utering te jaan oan it Frysk.

Alderearst wol it kabinet har tankberens útsprekke foar de belutsenens fan de 12 Asega's by de evaluaasje fan de BFTK 2024-2028. De kennis en fyzje fan jongerein op belied is fan grutte wearde. It earste advys fan de Asega's om in koarte gearfetting ta te heakjen oan de BFTK is noch foar de ûndertekening fan de BFTK oernommen.

Ek slute Ryk en Provinsje harren oan by it twadde en tredde advys fan de Asega's, om it sukses fan de Fryske taal breed út te dragen en dêrfoar in profesjoneel marketingburo yn te skeakljen. It giet goed mei it Frysk en inisjativen út de Fryske mienskip wei leverje dêr in grutte bydrage oan. Dêr meie wy grutsk op wêze. De Provinsje is no yn petear mei in kampanjeburo om op in oansprekkende, leechdrompelige wize de wichtichste ôfspraken yn de BFTK om te setten yn koarte fideo's dy't fia sosjale media ferspraat wurde kinne.

Ta beslút ûnderstreekje Ryk en Provinsje ek it fjirde advys om jongerein út te dagen om sels utering te jaan oan it Frysk. De kampanje Yung Frysk is mei om dy reden al in oantal jierren aktyf yn de provinsje en op de sosjale media. Yung Frysk wurdt makke troch en foar jongerein. Njonken Yung Frysk stimulearret de Provinsje ek (jonge) makkers om bygelyks Frysktalige podcasts te meitsjen en wurdt ûndersocht hoe't it meitsjen fan Frysktalige films stimulearre wurde kin.

Reaksje op it advys oer de Frysktalige sjoernalistyk

Kwaliteit fan it Frysk yn de media

DINGtiid advisearret om de kwaliteit fan it Frysk ûnder sjoernalisten en mediaprofessionals te fersterkjen. Dêrta hat DINGtiid, op fersyk fan âldsteatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, Uslu, yn jannewaris 2024 in advys opsteld. It advysorgaan stelt dat der fia it ûnderwiis, traineeships en (pilot)projekten bydroegen wurde kin oan de kwaliteit fan it Frysk.

It kabinet jout opfolging oan dit advys, yn gearwurking mei de Provinsje en ynstellings. It ta stân kommen fan de hbû-minor Fryske sjoernalistyk en media foar oankommende sjoernalisten is dêr in foarbyld fan. Ek de nijsmedia sels (de *Leeuwarder Courant* en it *Friesch Dagblad*) spanne harren yn om it oandiel Frysk yn de skreaune parse te fergrutsjen yn it tiidrak fan de bestjoersôfspraak. *Omrop Fryslân* soarget der troch de ûntwikkeling fan (nijs)produkten fia nije media foar dat it Frysk beskikber en sichtber is, wat yndividuen stimulearret om de Fryske taal mear te brûken.

It kabinet ynvestearret yn de profesjonalisearring fan lokale omroppen rjochting de wetswiziging nei it nije stelsel. Gearwurking mei de regionale omroppen, wêrûnder *Omrop Fryslân*, is hjirby fan mearwearde. Fia it Stimuleringsfonds voor de Journalistiek (SVDJ) lykas it Fonds Bijzondere Journalistieke Projecten (FBJP), ynvestearret it kabinet yn de sjoernalistyk, wêrby it sawol giet om yndividuele sjoernalisten as de sjoernalistike ynfrastruktuer.

Us referinsje
2024-0000972705

Mei it ta stân kommen en ûndertekenjen fan de BFTK 2024-2028 leit der in nij dokumint dat de mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht fan it Ryk en de Provinsje foar de Fryske taal en kultuer ûnderstreket.

Minor Fryske sjoernalistyk

Yn de advysbrief fan DINGtiid oer de Fryske sjoernalistyk is de winsk útsprutsen om yn te setten op de fuortsterking hjirfan. Behearsking fan it Frysk foarmet in hieltyd gruttere útdaging. In goede mûnlige en skriftlike taalbehearsking fan mediaprofessionals en (oankommende) sjoernalisten is wichtich foar de takomst fan de Frysktalige sjoernalistyk. Underwiis spilet dêr in wichtige rol yn, wat op termyn ek de kwaliteit fan de Frysktalige sjoernalistyk te'n goede komt.

DINGtiid advisearret om in hbû-minor Fryske sjoernalistyk te ûntwikkeljen om foar (oankommende) sjoernalisten in passend en duorsum opliedingsoanbod oangeande de Fryske taal en kultuer oanbiede te kinnen.

Dy oanbefelling is ter herte nommen en as resultaat hawwe it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip en de Provinsje besletten om foar de nije perioade fan de bestjoersôfspraak elts 125.000 euro beskikber te stellen foar de hbû-minor Fryske sjoernalistyk en media. It programma fan de minor sil ûntwikkele wurde troch NHL Stenden Hogeschool, yn ôfstimming mei de hegeskoalle Windesheim, de Fryske mediabedriuwen, de Ryksuniversiteit Grins en de Afûk. De hegeskoalle giet sels oer de ynhâld fan de minor en oer de wize wêrop't dy opsetten wurdt. De minor sil yn febrewaris 2025 foar it earst oanbean wurde. Yn de nije BFTK 2024-2028 leit de klam op de dieldede ferantwurdlikens en soarchplicht fan it Ryk en de Provinsje foar de Fryske taal en kultuer. It kabinet erkent dit belang en sil dêrom njonken de wichtige rol fan it ûnderwiis bliuwend omtinken hâlde foar de unike posysje fan it Frysk yn de provinsje Fryslân.

De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

J.J.M. Uitermark